

Kolleezje fan Deputearre Steaten  
o.f. Mr. S. Poepjes  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

## POSTADRES

/ Westersingel 4  
/ Keamer 3.01  
/ 8913 CK Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.frl  
/ www.dingtiid.frl  
/ @dingtiid

Ljouwert, 1 febrewaris 2021

Acht kolleezje,

Mei in brief fan 8 oktober 2020 hawwe jo ús frege om de optimale omstannichheden foar it tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn kaart te bringen. Jo hawwe dêrby yn it bysûnder omtinken frege foar de posisjonearring fan it tafersjochsfoech. Soks nei oanlieding fan it Bestjoersakkoart 'Lok op 1' (2019-2023) dêr't jo de ambysje yn útsprutsen ha om it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis nei de provinsje ta te heljen en fan it Ryk oer te nimmen (resultaat 55 út it Bestjoersakkoart 'Lok op 1').

Wy binne oan de slach gien. Wy hawwe ússels in yndruk foarme fan de taak en wurkwize fan de Underwiisynspeksje fia harren webside, we hawwe it lêste ynspeksjerapport *Sizzen is neat, mar dwaan is in ding* (2019) lêzen, lykas de nijste Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) 2019 - 2023 en it Bestjoersakkoart 'Lok op 1'. Op basis dêrfan hawwe wy in petearnotysje skreaun as tarieding op de fraachpetearen. Dy notysje slút ôf mei twa kearnfragen dy't we yn alle fraachpetearen oan de oarder steld ha:

1. *As we prate oer optimale omstannichheden foar tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis, foldocht it tafersjoch sa't dat no regele is dêr wat jo oanbelanget oan?*
  - a. *Ja? Wat fine jo der goed oan? En wêrom?*
  - b. *Nee? Wat soenen foar jo de optimale omstannichheden wêze? En wêrom?*
2. *As it om it Frysk yn it ûnderwiis giet leit de beliedsrol by de provinsje Fryslân en it foech foar it tafersjoch by de Onderwijsinspectie. Wat fine jo fan dy rolferdieling?*
  - a. *Wêrom is dy rolferdieling sa goed?*
  - b. *Wêrom soenen jo dy rolferdieling leaver oars sjen?*
  - c. *Wat binne foar- en neidielen fan dizze rolferdieling?*

Wy hawwe yn sân petearen praat mei tolve minsken dy't fanút harren wurk en ekspertize belutsen binne by it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis. Yn de taheakke fine jo de nammen. Us doel mei dizze petearen wie om safolle mooglik perspektiven te hearren oer it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis.

## 1. Oer it generaal

Oer it generaal konkludearje wy út de petearen it folgjende:

- a. it tafersjoch is de ôfrûne jierren ferbettere;
- b. om it tafersjoch optimaal te krijen binne fierdere ferbetterings nedich en ek mooglik, sawol oan de kant fan it tafersjoch as oan de beliedskant;
- c. de besteande formele rolferdieling is goed.

### a. Positive ûntwikkeling yn it tafersjoch

Om te begjinnen by de earste konklúzje: ferskate petearpartners jouwe oan dat de ôfrûne fiif jier it tafersjoch him posityf liket te ûntjaan. De kearn fan dy ûntwikkeling sit him yn gearwurking. In oantal foarbylden: ynspekteurs lutsen op mei ûndersikers fan it lektoraat (ûndersyk yn it ramt fan it Taalplan) en gienen mienskiplik yn petear mei skoalbestjoeren; de provinsje en de ynspeksje gienen yn petear om fan elkoar goed de soargen en de mooglikheden te witten.

Undersikers fan it lektoraat fernimme dat skoallen fjouwer jier nei it earste Taalplan-ûndersyk no better meiwurkje. Se witte dat Frysk derby heart en in serieuze saak is. Dat it in fak is dêr't op ynspekterre wurdt.

Oan de kant fan de ynspeksje is dêr ek oan wurke. Ynspekteurs witte dat it Frysk de twadde rykstaal is en wat dat betsjut foar de ynspeksje. Der is oerlis mei de provinsje as tarieding op de ynspeksjebesites by skoalbestjoeren.

Dus op alle fronten is troch gearwurking de kennis fan de posysje fan it Frysk ferbettere, is dêr mear omtinken foar en feroaret dêrtroch de hâlding by skoalbestjoeren en skoallen.

### b. Tafersjoch kin better

Nettsjinsteande de boppesteande positive ûntwikkeling en it perspektyf dat men ynnimt, de miening is dat it tafersjoch better kin. De fraach is hoe. Der binne twa oplossings as kapstok neamd om it tafersjoch optimaal te krijen.

### c. Rolferdieling

#### *In oare rolferdieling*

De provinsje, yn de persoan fan de deputearre, sjocht in oare rolferdieling yn it foech as de oplossing om it tafersjoch better te krijen. It foech op it tafersjoch soe dêrfoar by de provinsje lizze moatte. Arguminten om dat te wollen binne:

- de provinsje kin folle tichter op de skoallen sitte: yn petear gean mei skoallen en hannelje as dat nedich is;
- in goed tafersjoch op it Frysk is yn de besteande situaasje tefolle ôfhinklik fan personiele ynfolling út Den Haach wei;
- yn de besteande situaasje stiet de ynspeksje tefolle op ôfstân;
- de provinsje lit op dy wize sjen dat it Frysk har in soad wurdich is. De wearde en status fan it Frysk wurde sa befêstige;
- de provinsje kin sa noch better stjoere op stimulearring fan it Frysk.

Der is ien betingst: binnen de organisaasje moat goed regele wêze dat fergunningsferliening en tafersjoch skaat regele binne.

De oare petearpartners tinke net dat in oare formele rolferdieling nedich is. Harren arguminten binne:

- it is goed dat der in splitsing is tusken belied en tafersjoch en dat dêr ôfstân tusken sit. Oars bestiet de kâns dat it tafersjoch ûnderdiel wurdt fan it polityk debat;
- mei de besteande formele rolferdieling is it Frysk ûnderdiel fan de lanlike ynspeksje, wat betsjut dat it Frysk like wichtich is as oare fakken;
- ast as provinsje it foech op dy nimst, bringst dysels yn in útsûnderingsposysje. Dat sil it Frysk wierskynlik mear kwea as goed dwaan;
- de ynspeksje is in stabile faktor, waans taak it is om ûnderwiispraktyk te hifkjen oan de wet. Skoallen nimme de ynspeksje serieuus, de ynspeksje hat in neutrale rol, is autonoom en is in autoriteit;
- it moaie fan de ferskillende rollen is dat elk syn rol goed spylje kin en moat; ast dat goed foarelkoar hast, berikst mear;
- in oare rolferdieling soe in unike situaasje wêze yn it ûnderwiisbestel. Dat soe in soad fragen oproppe en de slachkrêft fan de ynspeksje ferminderje.

*Lit elk syn rol steviger pakke en wurkje mear gear*

De oare ideeën (kapstok) om it tafersjoch optimaal te krijen rjochtsje har op it fersterkjen fan de ferskillende rollen. De provinsje kin ynhâldlik in folle steviger rol spylje en sjen litte dat se de rezjy stevich yn hannen hat. De belangrykste advizen foar de provinsje binne:

- ha in dúdlik boadskip foar de skoallen;
- praat geregeldwei mei de skoalbestjoeren en net allinnich mei de skoallekoepels;
- oerlis geregeldwei mei de ynspeksje.

Op syn bar kin de ynspeksje syn rol dan ek steviger pakke en:

- faker advys op skoallenivo útbringe;
- de yntinsiteit fan it tafersjoch fergrutsje, bygelyks troch de frekwinsje fan de ynspeksjes te ferheegjen en noch mear Frysktalige ynspekteurs yn te setten;
- better stjoere op in heger nivo (úteinlike doel profyl A).

## 2. Konklúzje

De trend yn it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis is posityf. It is saak om dy trend fêst te hâlden. Dat moat mooglik wêze. Wy sjogge dat by alle perspektiven op it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis it belang fan it Frysk foarop stiet en dat elk it Frysk, en yn it bysûnder it Frysk yn it ûnderwiis, fierder bringe wol.

Wy sjogge ek twa tsjinstelde motivaasjes: ien polityk-sosjaal en de oare ynhâldlik oriïntearre. By de polityk-sosjale motivaasje om it tafersjoch nei de provinsje te heljen is it doel om de wearde en status fan it Frysk te befêstigjen. By de ynhâldlike motivaasje giet it om it hifkjen en ferheegjen fan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis. Uteinlik wol elkenien beide.

Op himsels kinne wy de gedachtegong fan jo bestjoer folgje. Wy tinke lykwols dat dy foar it Frysk wolris minder goed útpakke kin. It argumint fan 'ôfhinklikheid fan persoanen' jildt likegoed ek foar de provinsje. Boppedat tinke wy dat jo as provinsjaal bestjoer it Frysk yn it ûnderwiis noch folle fierder bringe kinne as jo de ynhâldlike rol fan beliedsmakker en regisseur noch steviger oppakke. Wy tinke dat dát krekt de rol is dêr't jo de measte ynfloed yn útoefenje kinne en it measte mei berikke kinne. Yn dy

rol kinne jo ticht op de skoallen sitte en harren stimulearje om sels aktiver te wurden. Dy rol wurdt yn it ûnderwiisfjild ek fan jo ferwachte. Fierder binne jo út dy rol wei in stevige petearpartner foar de ynspeksje en kinne jim mienskiplik oplûke. Wat dúdliker oft jo boadskip nei de skoallen, wat better oft de ynspeksje syn wurk dwaan kin.

Wy sjogge hjir trouwens in dúdlike link mei ús lêste advys oer de Fryske kennisynfrastruktuer, *Op 'e syk nei nije dynamyk* (2020). De provinsje kin it netwurk fersterkje en dêr dynamyk yn bringe, yn dit gefal bygelyks troch de kennisynstituten yn ferbining te bringen mei de skoallen. Tink oan de learstoel Fryske taal en kultuer en de learare-oplieding.

Wat ús sterket yn ús konklúzje is dat de ûntwikkelingen fan de ôfrûne jierren binnen it trajekt Taalplan Frysk 2030 sjen litte dat de besteande rolferdieling liket te wurkjen.

In sterke regisseur mei in dúdlik en stimulearjend boadskip, skoallen dy't dêrtroch harren rol aktyf oppakke en in adekwate belutsen ynspeksje: sa sjogge wy de meast optimale situaasje as it om it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis giet. In situaasje dy't, dêr binne wy fan oertsjûge, in positive útsrieling op it Frysk én alle belutsen partners ha sil.

### 3. Oanbefellings


Wy slute dit advys ôf mei in oantal oanbefellings dêr't wy fan tinke dat se ridlik ienfâldich út te fieren binne en op koarte termyn foar ferskil soargje kinne. De reade tried yn de oanbefellings is dat de provinsje yn de rol fan Taalskipper oanslút by de ynhâld, op it plak dêr't de ynhâld bepaald en útfierd wurdt. De Taalskipper mei sichtber en pro-aktyf wêze en sjen litte dat se it wichtich fynt om op dit mêd in ferantwurdlikheid te nimmen.

- bliuw op in geregelde basis yn petear as provinsje en ynspeksje;
- slút as provinsje dêr oan dêr't yn it ûnderwiis de einferantwurdlikheid sit: de skoalbestjoeren.
  - organisearje in jierliks oerlis mei alle skoalbestjoeren fan Fryslân mei omtinken foar it Frysk;
  - gean yndividueel mei de skoalbestjoeren yn oerlis oer de ambysje foar harren skoallen en stypje dy ambysje;
  - brûk foar sawol it mienskiplik as it yndividueel oerlis de ynformaasje fan de ynspeksje as basis;
  - lit de ynspeksje ek dielnimmer wêze oan, yn alle gefallen, it mienskiplike oerlis;
- lit alle jierren in 'ûnderwiisferslach foar it Frysk' meitsje mei de ynspeksjeresultaten fan it ôfrûne jier, mei oare wurden: meitsje de resultaten sichtber;
- organisearje it brede ûnderwiisnetwurk troch alle jierren in dei fan it Frysk yn it ûnderwiis te fasilitearjen. Mei as doel om elkoar better kennen te learen, fan elkoar te learen en gearwurking te stimulearjen;
- ûndersykje oft FROSK (Fryske Opliedings Skoalle, platfoarm samen opleiden: in inisjatyf dêr't skoallen foar fuortset ûnderwiis yn gearwurkje by it oplieden fan dosinten) in foarbyld wêze kin foar it fierder ûntwikkeljen fan it Frysk yn it ûnderwiis.

**Ta beslút**

Wy fûnen it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis in nijsgjirrich ûnderwerp om neier te ûndersykjen. De petearen ha ús in soad ynformaasje opsmitten en ha ús ynspirearre. Us petearpartners sizze we tank foar it dielen fan harren kennis en de iepenheid dêr't se dat mei dienen. Wy hoopje dat jo as bestjoer jo foardiel mei dit advys dogge. Fanselssprekkend gean wy hjir graach oer yn petear mei de deputearre.

Mei freonlike groetnis,



Freddy Weima  
Bestjoerslid DINGtiid

Taheakken:

List mei persoanen dy't we sprutsen ha  
Petearnotysje

Kopy fan dit brief oan:

De petearpartners (stean yn taheakke 1 "List mei persoanen dy't wy sprutsen ha)

## **Taheakke 1**

### **List mei persoanen dy't we sprutsen ha (yn folchoarder fan petear)**

#### **Provinsje Fryslân**

mefrou S. Poepjes – deputearre  
de hear H. Akerboom – amtner

#### **Underwiisynspeksje**

de hear R. Meijer – direkteur Tafersjoch Primêr ûnderwiis en berne-opfang  
de hear W.A.J. van Uden – ôfdielingshaad primêr ûnderwiis  
mefrou H. Deelstra – ynspekteur

#### **Cedin**

mefrou B. de Jager – projektlieder

#### **CSG Liudger**

de hear J. Vogel – bestjoerder  
mefrou A. Visser – beliedsadviseur ûnderwiis en kwaliteit

#### **Lektoraat Meartaligens en skriftlike taalbehearsking NHL Stenden Hogeschool**

de hear A. Walsweer – associate lektor en projektlieder Taalplan Frysk

#### **ROOBOL**

de hear W. Wouda – bestjoerder

#### **Ministearje fan UKW**

mefrou W.T.H. Timmerman - beliedsmeiwurker direksje FU  
mefrou M.C. Kracht-Minnecré - senior beliedsmeiwurker tafersjoch FU

## Taheakke 2 Petearnotysje

Bêste minsken,

Ut namme fan DINGtiid ha ik jo útnûge foar in online fraachpetear oer it tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Dy petearen fine plak op 2 en 4 desimber. Jo ha dêr in útnûging fia Teams foar krigen fan Annewiep Bloem.

De reden foar de útnûging is dat de provinsje Fryslân DINGtiid frege hat om in advys oer it tafersjoch op it Frysk yn it ûnderwiis út te bringen. De provinsje wol de optimale omstannichheden foar it tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn kaart bringe. Fierder moat der yn it advys omtinken wêze foar de posisjonearring fan it foech foar it tafersjoch op it Frysk.

Iksels sil foar DINGtiid it petear fiere. Fierder sil Annewiep Bloem by it petear oanwêzich wêze. Sy sil op basis fan de resultaten fan de fraachpetearen it advys opstelle.

As tarieding op it petear mei jo ha wy dizze koarte notysje makke. We sketse koart de achtergrûn fan de fraach fan de provinsje en beslute mei twa fragen dy't we yn it petear graach oan de oarder ha wolle.

### KOARTE SKETS

#### De Onderwijsinspectie

It tafersjoch op it ûnderwiis (en ek op it Frysk yn it ûnderwiis) wurdt útfierd troch de Onderwijsinspectie. De Onderwijsinspectie seit hjiroer op syn webside:

*Iedere leerling heeft recht op goed onderwijs. Daarom staat in de wet waar het onderwijs ten minste aan moet voldoen. Als Inspectie van het Onderwijs waarborgen wij deze basiskwaliteit. Daarnaast stimuleren we besturen en scholen om hun ambities waar te maken en mogelijke verdere verbeteringen te realiseren, boven de basiskwaliteit.*

De Onderwijsinspectie docht dat op ferskillende manieren. Fan de webside [www.onderwijsinspectie.nl](http://www.onderwijsinspectie.nl):

- eens in de vier jaar een uitgebreid onderzoek bij een bestuur en zijn scholen
- jaarlijkse analyse van alle scholen (op basis van bestaande gegevens), evt. gevolgd door een expertanalyse wanneer de inspectie risico's ziet
- stelseltoezicht (onderzoek naar onderwijsstelsel als geheel)

*Naast het toezicht op individuele scholen en instellingen, onderzoekt de Onderwijsinspectie onderwerpen die school- en sectoroverstijgend zijn.*

In foarbyld hjirfan is Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis.

Yn 2019 publisearre de Onderwijsinspectie it rapport 'Sizzen is neat, mar dwaan is in ding', de resultaten fan in ûndersyk oer it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis.

Spesifyk foar Fryslân follet de Onderwijsinspectie noch oan (út 'Sizzen is neat, mar dwaan is in ding')

- *Wij zullen vanuit onze toezichtrol de besturen tijdens de vierjaarlijkse bestuursonderzoeken aanspreken op wat zij doen om de ambitie rond het Fries te realiseren. Zo nodig geven we hierbij ook herstelopdrachten.*
- *In 2025 en in 2031 zullen we opnieuw onderzoek doen naar Fries in het basis- en voortgezet onderwijs.*

#### **Rapport 'Sizzen is neat, dwaan is in ding'**

Yn 2018/2019 hat de Onderwijsinspectie een themaûndersyk dien nei it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. De resultaten steane beskreaun yn it rapport 'Sizzen is neat, mar dwaan is in ding'.

<https://www.onderwijsinspectie.nl/onderwerpen/themaonderzoeken/documenten/the-marapporten/2019/12/05/fries-in-het-primair-en-voortgezet-onderwijs>

De gearfetting is te lêzen op side 8 en 9. De konklúzjes en oanbefellings binne te finen op side 48, 49 en 50.

#### **'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019 – 2023' (21 desimber 2018 oan Twadde Keamer stjoerd)**

De Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer is in oerienkomst dêr't it Ryk en de Provinsje Fryslân ôfspraken yn meitsje oer it befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer. De ôfspraken wurde alle fiif jier fernijd.

Yn de nijste Bestjoersôfspraak is it folgjende opnommen oer de ûnderwiisynspeksje:

*De oanrekommandaasjes fan de ûnderwiisynspeksje út harren rapport fan 2010 "Tussen wens en werkelijkheid" binne troch de provinsje útfierd, foar safier't dat binnen de provinsjale mooglikheden lei. Foarbylden fan útfiering fan de oanrekommandaasjes binne it ûntwikkeljen fan it hifkings- en evaluaasjesysteem GRIP dat ûnôfhinklik fan metoaden is, de nije digitale metoaden Spoar 8 (primêr ûnderwiis) en Searje 36 (fuortset ûnderwiis) en it útkristallisearre fêststellingsbelied dêr't mei it projekt Taalplan Frysk útfiering oan jûn wurdt. De ûnderwiisynspeksje sil yn de kommende jierren op grûn fan syn eigen rol en op stimulearjende wize omtinken jaan oan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis. Yn it ramt fan de reguliere fjouwerjierlikse ûndersiken nei bestjoer en skoallen besteget de ynspeksje, as dêr oanlieding ta is, omtinken oan de wize wêrop't it bestjoer tafersjoch hâldt op de kwaliteit fan it learstofoanbod en dêrbinnen it oanbod yn de Fryske taal op de skoallen en dat befoarderet. As der oanwizings of sinjalen binne dat it oanbod slim tekoartsjit, kin de ynspeksje beslute yn de ferifikaasje of risiko-ûndersiken op skoallen de kwaliteit fan it Frysk te ûndersykjen. As bliken docht dat der wetlike tekoartkommings binne, dan jout de ynspeksje in ferbetteropdracht. Dêrneist sil de ynspeksje yn de kommende trije taalplansykly oant 2030 twaris in tematysk ûndersyk dwaan, dêr't de ûntwikkeling fan it oanbod yn de Fryske taal mei folge wurde kin. Sa wurdt de kwaliteit fan Frysk yn it ûnderwiis boarge en fergutte. Ynspanning: Ryk/provinsje*



<https://www.fryslan.fr/document.php?m=7&fileid=70283&f=47a89b3e076bb44ca72868610211be04&attachment=0>

### **Bestjoersakkoart 2019-2023**

Nei de provinsjale ferkiezings yn 2019 hawwe de koalysjepartijen in bestjoersakkoart sletten. Yn dat akkoart stiet it folgjende oer it Frysk yn it ûnderwiis:

*Onder meer om te voldoen aan de afspraken in de BFTK geven we komende periode een stevige impuls aan onze inspanningen voor het Fries. We lobbyen om de inspectie voor het Fries naar de provincie toe te halen. We willen in ieder geval dat die inspectie meer meekijkt en meedenkt om het Fries te verbeteren. We werken toe naar een kernteam van energieke Friese taaltrainers en aansprekende ambassadeurs/rolmodellen, die voorlopers zijn in het gebruik van moderne en interactieve lesmethoden. We streven ernaar dat alle scholen in 2030 in het Friese taalgebied ook Fries geven en werken met vernieuwde kerndoelen aan een doorgaande meertalige leerlijn.*

*Resultaat 55: we streven ernaar om de inspectie voor het Fries van het Rijk over te nemen*

<https://www.fryslan.fr/document.php?m=16&fileid=61958&f=e15a34c81c78a60d98644008eca947ae&attachment=0>

### **Fraach fan de provinsje Fryslân oan DINGtiid**

De provinsje Fryslân hat oan DINGtiid de folgjende fraach steld oer it tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis:

Wy freegje DINGtiid om de optimale omstannichheden foar tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn kaart te bringen. Dêrby freegje wy jo ek omtinken te besteegjen oan it posisjonearren fan de tafersjochsfoech.

It folsleine brief fine jo taheakke by de mail.

### **De fragen dy't ik jo graach foarlizze wol**

1. As we prate oer optimale omstannichheden foar tafersjoch op it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis, foldocht it tafersjoch sa't dat no regele is dêr wat jo oanbelanget oan?
  - a. Ja? Wat fine jo der goed oan? En wêrom?
  - b. Nee? Wat soenen foar jo de optimale omstannichheden wêze? En wêrom?
- c. As it om it Frysk yn it ûnderwiis giet leit de beliedsrol by de provinsje Fryslân en it foech foar it tafersjoch by de Onderwijsinspectie. Wat fine jo fan dy rolferdieling?
  - a. Wêrom is dy rolferdieling sa goed?
  - b. Wêrom soenen jo dy rolferdieling leaver oars sjen?
  - c. Wat binne foar- en neidielen fan dizze rolferdieling?



Orgaan foar de Fryske taal

Foar fragen of oare saken oangeande it petear kinne jo kontakt opnimme mei  
Annewiep Bloem: [info@annewiep.fr](mailto:info@annewiep.fr) of 06 11 641 742.

Wy sjogge út nei de petearen!

Mei freonlike groetnis,  
út namme fan DINGtiid,

Freddy Weima